




## Nijsbrief fan de Feriening Bêd & Brochje

Febrewaris, 2026

Bêste B & B hâlders,

Tusken de sniebuien troch komt de sinne hieltyd faker om it hoekje sjen. De maitiid stiet foar de doar. Dat betsjut foar ús as B & B hâlders de oanrin nei in nij seizoen. Wy meitsje ús der wer klear foar. En we hoopje fansels op in suksesfol seizoen mei in soad moaie dagen.

### Webside



Us besikersaantallen sitte flink yn de lift, in goed en hoopfol teken foar it kommende seizoen. Omdat gasten trochklikke kinne nei de eigen webside fan de oanbelangjende B & B, is it net altyd dúdlik te lieden wêr't jim besikers weikomme. Wy hoopje dat jimme fermelding op [www.bedenbrochje.nl](http://www.bedenbrochje.nl) mei helpe sille oan de groei fan it tal besikers, sawol op de webside, as yn jim B & B, en dat dit liede sil ta in soad boekingen.

Guon fan ús binne BTW plichtich, en dat betsjut miskien wol dat je de tariven ferheegje moatte. Wolle jim ús de aktuele priis trochjaan? Dan wurde jim gegevens sa gau as mooglik oanpast.

### **Fan it bestjoer**

Yn ús foarige nijsbrief fregen wy om in nije ponghâlder, en dy is fûn yn Jaap Floor; eigener fan B & B ' Koepelpastorij ' yn Wytmarsum. Wy wolle lâns dizze wei Dieuwke Visser tige hertlik tankje foar har jierrenlange ynset as ponghâlder en bestjoerslid.

No is der in fakatuere beskikber as sekretaris. Wa fan jimme soe dizze funksje fan ús bestjoerslid Lutske Wijma oernimme wolle?

### **Sosjale Media**

Op dit stuit is it wat stil op de sosjale media. Alle B & B's binne meardere kearen foarby kaam, en dêr geane we graach mei troch, mar it soe noflik wêze as we wat nije ynput krigen. Dat jildt ek foar de webside. Jou jimme content (tekst en foto 's) mar troch, en wy sille der graach mei oan de slach. Fermeldt der wol by oft it bedoeld is foar de webside, of foar in post op Facebook.

### **PR materialen**

Hoe is it steld mei jim PR materialen fan de feriening? Sjogge se der noch kreas út, of binne se oan ferfanging ta? Der binne noch grutte buorden, wandbuordsjes, flaggen en flyers beskikber, dy't fergees omruile wurde meie. Men kin dan tagelyk ek nije servetten meikrije as jo wolle.

Wy soene ek graach wat nij promo materiaal lansearje wolle. It idee is om pûdsjes siedguod te meitsjen. Mei ús logo, in aardige tapaslike tekst, en in QR-koade dy't ferwiist nei ús webside, dêr't bgl. de saai-ynstruksjes op komme te stean.

De priis fan 1 pûdsje sil likernôch om de € 0,35 hinne lizze. Dat is net folle foar in wolkomstskinkjes dochs? Wol sille wy se yn'e massa meitsje moatte, om it foar dy (kost)priis oanbiede te kinnen.

We hearre dêrom graach fan jimme oft dit in leuk idee is, en hoefolle jimme der eventueel ôfnimme wolle soene. En miskien fynt ien fan jim it moai om dêr tegearre in middei oan te besteegjen? Wy hearre graach fan jimme.

### **Wichtige data**

12 maart: [Agenda: Frysk Toerisme Festival 2026 \(Merk Fryslân\) - RMT NOF](#)

24 maart: [Agenda: Foldermarkt RMT NOF 2026 - RMT NOF](#)

31 maart: [Agenda: Voorjaarsbijeenkoms met Foldermarkt Noardwest Fryslân 2026 - RMT NOF](#)

### **Oanbringe nije leden**

Dat ús feriening wol wat nij bloed brûke kin is gjin geheim. Wy wolle dêrom ek dit jier de aksje ferlingje foar nije leden: hja betelje foar it jier 2026 mar € 49, -. Mar wy wolle ek besteande leden beleanje as hja in nij lid oandrage: foar elk nij lid krije jim ien kear € 25, - koarting op jim kontribúsje.

Slagget it jim om in jier fergees mei te profitearjen fan de foardielen fan Bed & Brochje troch 3 nije leden oan te bringen?

Mei hertlike groetnis fan jimme bestjoer,  
Lutske Wijma, Pytsje Bokma, Jaap Floor en Wendy Dijkstra